

## It ûntstean fan Operaesje Fers

### 1. It alderearste begjin

It idee fan it telefoanysk útstjoeren fan gedichten is ûntstien yn de Skriuwersrûnte Koartehimmen. Dy rûnte bestie út sa'n tweintich skriuwers en skriuwsters, dy't yn 'e twadde helte fan 'e sechstiger jierren yn it Woodbrookershûs te Koartehimmen twaris jiers gearkamen, mei as doel it mekoar foarlêzen fan eigen wurk en it besprekken dêrfan.

Dy konferinsjes waarden troch it Literair Histoarysk Wurkforbân fan de Fryske Akademy yn meiinoar oparbeidzjen mei de stêf fan neamd foarmingssintrum opsetten. Dr. Y. Poortinga wie dêr skepper en skriuwer fan.

Soks begûn op freedtejûn, krige de sneontejûns yn beskaat opsicht syn hichtepunt en waard sneintemiddeis ôfsluten.

Yn it begjin fan novimber 1967 waard der ek sa'n konferinsje hâlden.

It *Verslag van het werk door de Arbeidersgemeenschap der Woodbrookers in het jaar 1967 verricht* ferantwurdet ûnder it haad *Algemeen cultureel-sociaal thema* foar de dagen 3-5/11 16 dielnimmers, 14 manlju en 2 froulju.

Der wiene, lykas oars ek wol, wat geande en kommende minsken, lju dy't foar in part oan 'e gearsitten meidiene, nachts almeast thús sliepen.

Op 'e *Foarlopige dielnimmerslist* troch Dr. Poortinga op 31-10-1967 ôfsletten, troch in meiwurker fan it foarmingssintrum letter mei de wurklikheid yn oerienstimming brocht, komme de folgjende nammen foar: Meindert Bijlsma, Teije Brattinga, Hein F. Faber, Josse de Haan, R.R. v.d. Leest, Tiny Mulder, Dr. Y. Poortinga, Ria Postma, Dr. F.S. Sixma Baron van Heemstra, Jo Smit, Oene Spoelstra, Tsjerk Veenstra, G. v.d. Zwaag, Piter Terpstra.

It losse folk bestie út: Jan J. Bijlsma, Trinus Riemersma, Jan Wybenga, Gerben Brouwer, Geart Jonkman, Rink v.d. Velde, Anne Hellinga. Foar wat it programma oanbelanget behein ik my ta it poëtyske part derfan. Wis, Jo Smit joech ynformaasje oer de kollektive roman *Sniewytsje*, in letter mislearre operaasje, Piter Terpstra fertelde oer de opset fan syn boek oer de lêste fjirtjin dagen fan Gysbert Japicx, dat letter *De dei is forroun* komme soe te hiten, en Trinus Riemersma kaam mei de aparte struktuer fan *De hite simmer*, syn boek dat op kommende wei wie.

Allegearre nijsgjirrich genôch, mar mei it ûntstean fan Operaesje Fers hie dat net it measte út te stean. It iennichste soe wêze kinne, dat it troch Jo Smit brûkte wurd 'operaasje', dêr't er de kollektive romanproduksje mei beneamde, op 'e poëzijaksje oerplante liket te wêzen.

It idee fan dy aksje ûntstie oan 'e ein fan 'e konferinsje, de sneintemoarns, en kaam fuort út it ferlet fan de oanwêzige dichters har aktuële, op 'e tiid inte, teksten earder as oant doe ta mooglik wie publisearre te krijen. De struktuer foar de poëzij wie al earder te praat kaam, mar noch meast bûten de konferinsje om, ûnder it dichtersfolk, dat mekoar yn 'e tuskenskoften dêr by de Boerestreek om aardich opswypkje koe, it wûnderaardich meiinoar iens wie.

De spanning ûnder de poëten wie wol net op de konferinsjelieding rjochte, dy bestie amper, mar kaam by dizze en jinge al fuort út it gefoel foar it dichtwurk yn 'e rûnte gjin genôch klankboerd te hawwen. Dat wie yn 'e Fryske kultuersitewaasje foar har gjin nije gewaarwurding. It waard yn Koartehimmen inkeld befêstige.

De *Dagstaat VO-3*, dêr't de lieding van it Woodbrookershûs de kursusynhâld foar it Ministearje fan CRM oer op ferantwurde, kinne wy sjen as de berteakte fan Operaasje Fers of as in akte fan konsepsje, sa't men mar wol. De dichters Reinder van der Leest, Jan Bijlsma, Meindert Bijlsma, Josse de Haan, Tsjerk Veenstra en Geart v.d. Zwaag kamen ferspraat oer de trije dagen oan it wurd. It fersewurk, dêr't se mei kamen, is min te efterheljen, mar wat it yn 'e rûnte losmakke, is troch Rens de Vries, dy't mei Sjoerd Bijleveld de lieding hie fan 'e konferinsje, yn 'e earder neamde deistat wol en sá ferwurde:

Reinder van der Leest en Jan Bijlsma (yn 'e rapportaazje net útinoar hâlden):

1. *Heeft het ook voor de lezer een functie wanneer een dichter van nu kort schrijft over gewone dagelijkse dingen. De gedachten over hogere zaken, die steeds in de kunst aanwezig zijn geweest, hebben nu alleen een functie in samenspel met het dagelijkse leven.*
2. *Heeft een hedendaags schrijver ook niet de taak de heersende sociale spanningen weer te geven? Wanneer je door deze sociale spanningen geraakt bent, zal dit in je werk herkenbaar worden. Het moet mogelijk zijn deze spanning om te zetten in een dialoog met de lezer. Het resoneren ontstaat misschien pas na een herhaald lezen.*
3. *De interpretatie, die bij de beeldende kunst verschillend kan zijn, zou ook door de lezer verschillend ervaren dienen te worden. Het experiment van de schrijver hoeft niet alleen in de vorm van een gedicht aanwezig te zijn, maar juist in hetgeen hij inhoudelijk wenst te zeggen. Ook in Friesland moet de homo ludens in stand worden gehouden.*
4. *Wanneer een schrijver probeert het zinloze van de wereld in een gedicht vorm te geven, is het dan niet vaak de consument, die er de zin aan geeft? Het is soms maar een klein stukje uit het totaal wat je eruit tilt.*

5. *Wat doen we met de kritieken en wat is de bedoeling van bijv. dag- en weekbladen, waarin literaire kritieken worden opgenomen?*

*Men twijfelt wel eens aan een aantal kritiekschrijvers, door de manier waarop deze tekeer gaan. Informatie voor de lezer is zeer wenselijk, maar is dit wel de opzet van een aantal medewerkers van zowel de provinciale als de landelijke pers?*

Meindert Bijlsma:

*Aansluitend bij jeugdherinneringen allerhande gezegdes, die voor uitleg naar verschillende kanten vatbaar zijn. Speels, vanuit het positief beleven uit het midden van een dorpsgemeenschap. Wanneer men op die manier gaat werken met de oude taal, ontstaan er nieuwe mogelijkheden. Aan dit spelen met woorden heeft niet alleen de schrijver plezier, maar ook de lezer. Ook het sociale aspect van een dorpsgemeenschap was hierin aanwezig.*

Josse de Haan:

*Weer een jongere dichter, die als uitgangspunt heeft het zich afzetten tegen de bestaande maatschappij. Zijn onderwijzer-zijn brengt met zich mee, dat hij een aantal gedachten van de kinderen speels weergeeft, waaraan de lezer een aantal zaken herkent en ook plezier aan beleeft. Maar de man zelf komt naar voren in een kritiek op het democraat zijn en een verwijt aan de schepper, die toestaat dat situaties zoals in India en Viëtnam enz. nog voortduren. Een bezig zijn met en geraakt worden door de vragen van deze tijd. Misschien wel uit een stuk onmacht verwijten aan het Christendom, waaraan hij zelf geen deel wenst te nemen.*

Tsjerk Veenstra:

*De dichter vroeg zich af: is ons protest wel terecht? We zijn nog nooit in Vietnam geweest! Bovendien moeten we ons hierbij de vraag stellen: is dat, wat ik wil zeggen, al niet eerder gezegd? De jongere schrijver-dichters hebben gemeenschappelijke structuren, zoals hier aanwezig: de wereld van het kind, protest, soms zelfspot, cabaret-achtige stijl enz., maar is dit alles meer dan de vorm? Kunnen we een onderscheid aanbrengen tussen protest en constateren? Zou het ook eerlijker zijn, dat mensen die zelf niets meemaakten (voorbeeld Vietnam) wat meer constateerden? Het protest moet ook inhoud hebben. Deze dichter was vooral bijzonder fijnzinnig in zijn beschrijving van de thuissituatie in overgangstijd met een grootmoeder in het gezin, die een vorige generatie vertegenwoordigt, waardoor de spanning sterker wordt. Ook het constateren was hier misschien doorleefder dan het protest bij eerder gelezen dichters. Opvallend is bovendien dat de jongeren van deze groep allemaal als dichter bezig zijn en zich niet wagen aan het verhaal of een roman.*

Geart van der Zwaag:

*Als reactie op het onlangs gehouden dichtersfestival in de Harmonie te Leeuwarden had de heer Van der Zwaag voor een opzet in de schouwburg te Drachten een aantal vliegtuigjes van papier gevouwen -waarop een aantal boodschappen stonden vermeld- meegebracht, om deze tijdens het voorlezen van een gedicht door de zaal te laten zweven en zo deze boodschappen bij de mensen te krijgen. Hoewel de opzet origineel was en de voorbereiding goed, kwam de bedoeling niet over. Het publiek bestond die avond uit Krite-leden, die kwamen voor een gezellige avond en niet om in te gaan op problemen van deze tijd.*

*Dit voorspel was nodig om duidelijk te maken wat deze schrijver beweegt te werken zoals hij doet.*

- a. *Bezwaar tegen betogingen zoals voor Vietman; in de kleine ruimtes waar wij met elkaar omgaan zou eerst wat meer 'vrede' moeten zijn, voor wij ons gaan richten op de situatie Vietnam.*
- b. *De nieuwe inzichten rond de vragen van de godsdienst. Is hier ook te veel sprake van projectie?*
- c. *We spraken steeds over verstoorde relatie. Wordt er voldoende gezocht naar herstel van relatie?*
- d. *Is het een bezwaar te schrijven voor een klein taalgebied? Juist door deze kleinheid is de mogelijkheid van kwaliteit groot. De dialoog ontstaat reeds meteen.*
- e. *Wanneer een dichter de situatie van nu duidelijk wil stellen voor het publiek, welke mogelijkheden zijn er dan voor een juiste communicatie? Maken we voldoende gebruik van de communicatiemiddelen? Hierbij dacht men aan TV en radio. Bij de Rono moet dit mogelijk zijn, maar zien we meer mogelijkheden?*
- f. *Een nieuw plan*
  1. *om via een speciaal te bellen telefoonnummer het gedicht van de dag te kunnen horen. Als voorbeeld gebruikte men de uitzendingen van de VPRO Deze dag, vijf minuten voor acht, waaraan tegenwoordig verschillende dichters meewerken en waarnaar men nogal veel luistert. Dit plan zal door een commissie van drie mensen worden uitgewerkt en onderzocht.*
  2. *In de Fryske Paperbackrige een deel op te nemen zoals het Hollandse Vandaag, een overzicht van materiaal dat voorradig is in de loop van een jaar.*

De rapportearing is in griemank fan fersynhâlden mei taljochting fan de dichters, fan besprek troch de dielnimmers, en hjir en dêr ek fan kommentaar efternei fan de konferinsjelijeding. By it neilêzen docht it jin gjin nij dat de fraach nei in passend kommunikaasjemiddel op it kleed kaam.

Aktuële, populaire en boartlike teksten, protest, kommunikaasje, it wiist allegearre nei in oare struktuer as dy fan it literaire tydskrift en de dichtbundel allinne. It frege om in breder publyk, fuortdaalks te berikken. De rûnte wie behalven mei it literaire wurk fan de dielnimmers ek op oare wize yn aksje.

De bundel *Yn petear mei de ljochte*, dyselde hjerstmis útkaam, mei dêr as foarbyld fan jilde.

Ek de struktuer fan it útjaan fan boeken en dy fan de literêre krityk kaam gauris te praat, en dat net allinne, de rûnte skromme net en doch der wat oan. De *Kikkert-rige*, in earsten foarm fan meiinoar oparbeidzjen fan Fryske útjouwers, krige yn 'e Skriuwersrûnte syn oantrún. Mar ek hiel wat ideeën, út spirituële boarne ûntstien, liken de oare deis mei de wyn ferwaaid, waarden alteast wei, setten har net, of rûnen yn har útwurking stomp.

Sa stoar *Sniewytsje* in pree-proazayske dea en koe it mei f2 (sjoch boppe) ek neat wurde. De *Kikkert-* of *Paperbackrige* rekke in pear jier letter sels hielendal fan 'e baan.

Sa net, de Skriuwersrûnte hat tige fan betsjutting west foar de feroarings yn 'e struktueren fan de Fryske literatuer yn dy jierren.

Operaesje Fers, Koperative Utjowerij, Trotwaer, se hiene op ien of oare wize har oarsprong mei yn dy rûnte. Wat der byg. oangeande *De Tsjerne* yn 1967 al broeide, blykt út de Deisteat VO-3: *De oprichting van een nieuw literair tijdschrift werd voorlopig nog afgewezen, hoewel de stemming steeds meer gaat in de richting van een 2e naast het bestaande tijdschrift De Tsjerne.*

It petear oer de winsklike kommunikaasjemiddels foar de poëzij (sjoch boppe by e.) brocht dy sneintemoarns in breinstoarmeftige ideeëfloed tewe, dêr't de hiele ploech by betruksen wie. (De deisteat sprekt wol fan de middeis, mar it wie de moarns).

Dr. Sixma van Heemstra neamde de telefoanyske automatyske beäntwurder, K.I.-stasjons brûkten dy dingen, en dokters ek al wol. Yn Harns stjoerde in evangelist der godstjinstige boadskippen mei de wrâld yn. Elke dei in oar fers, soe dat net wat wêze?

Meindert Bijlsma, Josse de Haan en Geart van der Zwaag soene, sa besleat de rûnte, it plan op syn praktyske útfierberheid besjen en, as it der mei de kosten wat op like, ek útfiere.

Drs. Gerben Abma skriuwt yn 'e *Encyclopedie van het hedendaagse Friesland* (1975) (sjoch Compendium *De Friese Letteren*, side 46), nei't er it hân hat oer de betsjutting fan de Skriuwersrûnte foar de literaire krityk: *Wel waren de schrijversweekends van belang voor de persoonlijke contacten. Zo was het te Korteheemmen, dat F.S. Sixma zijn idee lanceerde om gedichten via de telefoonlijn ten gehore te brengen.* Dat is, sa

formulearre, benjonken de wierheid. De rapportaazje fan it Foarmings-sintrum toant dat ek wol oan. Ek Klaas Dykstra neamt yn syn *Lyts hânboek fan de Fryske literatuer* (1976), de Encyclopedie dêryn faaks folgjend, Sixma as dejinge dy't yn 'e Skriuwersrûnte mei it idee kaam.

Dr. Y. Poortinga lykwols hat it earste begjin fan Operaesje fers yn it haadstik *De Friese literatuur* fan in tinkboek *Friesland 1945-1970* sá beskreaun: *herfst 1967 werd in Kortehebben het idee geboren om de telefoon te gebruiken als medium voor poëzie.*

Sekuerder kin it net sein wurde.

It ûntstean fan it idee wie de frucht fan in groepsbarren, en is dêrom oan gjin persoansnamme te ferbinen. It iene idee rôp nammers it oare op. Sok idee-ûntwikkeljen is it bêste te fergelykjen mei 'brainstorming', in metoade fan groepsmjittich probleemoplossen.

Ek dêrby bringe jo net allinne jo eigen ideeën yn, mar brûke jo dy fan oaren, heakje dêrby oan of feroarje se.

Yn sa'n proses, al in moai ein hinne, neamde Sixma van Heemstra de antwurdtelefoan.

De ploech heakke dêrby oan mei in beslút, wêrmei de idee-ûntjouwing foarearst stilstie. Wy soene dêr, yn opdracht fan de rûnte, trijerisom mei fierdergean.

*Operaesje fers* neamde Meindert Bijlsma it, en der ûntstie fuort al in geheimsinnich sfearke, want fansels, der mocht noch neat fan útkomme.